







JanMurtk de Vries  
ûneinige beweging



Atelier Heerestraat 6 in Leeuwarden 1960


Jaap Bruintjes

M  
L  
U  
J  
L  
R  
i  
B  
B  
T  
T  
B  
B  
S  
S

Onenige  
beweiging

NOORDBOEK





## de wereld van JanMurk

Verhalen vertellen is een van de belangrijkste taken van Tresoar, het Fries historisch en letterkundig centrum. Verhalen vertellen over Fryslân, natuurlijk. Maar de verhalen over Fryslân zijn ook de verhalen over Nederland, Europa en de wereld. Met boeken, lezingen, websites en tentoonstellingen vertellen wij over de mensen in hun relatie met anderen, met het landschap en met het grote gebeuren. In sommige gevallen is er maar één mens nodig om een groot en belangrijk verhaal te vertellen. Zo'n mens is JanMurk de Vries, schilder, beeldhouwer, glaskunstenaar en ... schrijver. In zijn werk vertelt hij over zijn verhouding met mensen, landschap en religie. Hij verbindt zich met schrijvers en dichters om in de combinatie van tekst en beeld zijn engagement met maatschappelijke problemen tot uiting te brengen. In zijn prachtige brieven schrijft hij over zijn eigen worsteling met het leven in het artistieke klimaat van de tweede helft van de twintigste eeuw. Eén mens, maar een grote verscheidenheid van verhalen over zijn eigen en over ons leven. In werk en leven van JanMurk de Vries weerspiegelt zich een complete wereld. Dit boek legt die wereld voor ons open, samen met de uitgave van zijn brieven die ook dit jaar verschijnt. Ik nodig u graag uit om de wereld van JanMurk – onze eigen wereld – binnen te treden.

## de wrâld fan JanMurk

Ferhalen fertelle is ien fan de wichtichste taken fan Tresoar, it Frysk histoarysk en letterkundich sintrum. Ferhalen fertelle oer Fryslân, fansels. Mar de ferhalen fan Fryslân binne ek de ferhalen fan Nederlân, fan Europa en fan de wrâld. Mei boeken, lêzingen, websiden en útstallingen fertelle wy oer de minsken yn harren ferhâlding mei oaren, mei it lânskip en mei it grutte barren. Yn guon gefallen ha je mar ien minske nedich om in grut en wichtich ferhaal te fertellen. Sa'n minske is JanMurk de Vries, skilder, byldhouwer, glêskeunstner en ... skriuwer. Yn syn wurk fertelt hy oer syn ferhâlding mei minsken, mei it lânskip en mei religy. Hy ferbynt him mei dichters en skriuwers om yn de kombinaasje fan tekst en byld syn engaazjemint mei maatskiplike problemen ta utering te bringen. Yn syn prachtige brieven skriuwt er oer syn eigen wrakseling mei it libben yn it artistike klimaat fan de twadde helte fan de tweintichste iuw. Ien man, mar in grut ferskaat oan ferhalen oer syn eigen en ús libben. Yn wurk en libben fan JanMurk de Vries wjerspegelet him in hiele wrâld. Dit boek leit dy wrâld foar ús iepen, tegearre mei de útjefte fan syn brieven dy't ek dit jier ferskine sil. Ik nûgje jo graach út yn de wrâld fan JanMurk – ús eigen wrâld.

*Bert Looper*

te reageren op zijn tijd  
 gestalte daaraan gevend  
 ondanks onzekerheid  
 in hemzelf

de ontmoeting te hebben  
 de moed

met de mens  
 in stilte en vrede  
 in onrust

het dier  
 de vissen  
 de vogels

## oneindige beweging

In elk werk van JanMurk de Vries (1919-2015) zit wel beweging:  
 lang uitgezette lijnen in het brede landschap; de beweging van  
 het tij; takken, handen die naar omhoog reiken; in de verhouding  
 mens en natuur, in het zoeken van de mens in de kosmos en in  
 de bewogen mens tot zijn omgeving.  
 Het oeuvre van JanMurk de Vries is zeer omvangrijk en in veel  
 technieken uitgevoerd.

de ruimte  
 de geluiden  
 in het water en

dit  
 daarboven

te vangen in licht en  
 donkere trillingen  
 van kleuren in lijnen en vlekken  
 zwart, wit

Zijn vroege werk laat zien hoe hij zich ontwikkelt. Hierin zoekt  
 De Vries als het ware een weg in zijn omgeving. Dit werk, dat  
 hij maakte tijdens zijn reizen in de jaren vijftig, is van cruciaal  
 belang voor zijn vorming, zowel in diverse technieken als in  
 onderwerpen.  
 Een aantal ontwerpen voor opdrachten uit de jaren vijftig tot  
 en met negentig tonen zijn veelzijdigheid in ruimtelijk werk.  
 Meer dan vijftig jaar werkt JanMurk de Vries aan ruimtelijke  
 opdrachten, voornamelijk wandplastieken en ramen in acrylaat.  
 Veel vroeg werk uit de jaren vijftig is verloren gegaan, zoals  
 de muurschilderingen (1954) voor de rooms-katholieke Sint  
 Thomasschool in Leeuwarden. Maar ook later werk, bijvoorbeeld  
 dat uit 1972 in wooncomplex Nij Nazareth in Sneek, is verdwenen.  
 Gelukkig is er ook veel bewaard gebleven, vooral acrylaatramen.  
 Onder meer in de Bonifatiuskapel in Sneek, de Sint Michaëlkerk  
 in Harlingen, de Martinikerk en de Sint Franciscusbasiliek in  
 Bolsward en de voormalige serviceflat Lenna in Wolvega zijn  
 daar nu nog indrukwekkende voorbeelden van te zien.

de vreugde te doorleven

de smart te ondergaan  
 verbondenheid te ontdekken

en daarin eenzaam

te zijn

## LEVEN

JanMurk wordt als Jan de Vries op 11 november 1919 geboren in Bolsward. Hij heeft een tweelingzus, Alie. Pas veel later, in de jaren vijftig, voegt hij de naam van zijn moeder (Murkje) aan zijn voornaam toe. Toen zij overleed, was hij nog maar zes. Zijn vader is meester op een christelijke lagere school in Bolsward en organist in de gereformeerde kerk aldaar. De herinneringen aan de zondagse kerkgang blijven hem zijn leven lang bij. JanMurk heeft talent voor tekenen. In eerste instantie weten zijn ouders niet zo goed raad met dit artistieke buitenbeentje van de familie. Jans oudere broer Klaas (1917-1999, rechtsgeleerde en Eerste kamerlid voor de CHU en later het CDA), is de bolleboos en Jan moet dat vaak aanhoren. Pas in de jaren vijftig wordt JanMurks kunstenaarschap door zijn vader en stiefmoeder erkend. Wel krijgt hij in zijn jonge jaren thuis de mogelijkheid om in afzondering op de zolder zijn eigen 'atelier' te creëren, waar hij zich kan terugtrekken. JanMurk heeft een zwakke gezondheid. Een operatie aan zijn voet behoedt hem tijdens de Tweede Wereldoorlog voor de Arbeitseinsatz.

In 1946 vertrekt JanMurk naar Utrecht, waar hij een jaar bij zijn zuster inwoont en zijn eerste echte tekenlessen krijgt. Met een aanbeveling van zijn privé-tekenleraar Tjomme de Vries meldt hij zich bij de Rijksacademie van Beeldende Kunsten in Amsterdam. Na anderhalf jaar stopt hij met deze opleiding en stapt hij over naar de Rijksnormaalschool. Ook deze maakt hij niet af. Regelmatig reist hij in die tijd naar Terschelling om op adem te komen. Door die bezoeken ontstaat een levenslange liefde voor het Wad. Op Terschelling ontmoet hij het echtpaar Halbe en Griet Doele en Hettij van Zuiden. Zij begeleiden hem in het soms moeizame proces om kunstenaar te worden. Halbe Doele is directeur van de Volkshogeschool op Terschelling en hij biedt JanMurk de gelegenheid daar tekenles te geven. Dit is zijn belangrijkste bron van inkomsten in die jaren. Deze stevige vriendschappen komen treffend naar voren in de bewaard gebleven brieven van JanMurk aan het echtpaar en aan Hettij van Zuiden.



Rond 1950 krijgt JanMurk door tussenkomst van mevrouw Trude Faber-Hornstra, zij speelt een vooraanstaande rol in de Friese culturele wereld, een woning en atelier bij het Kunstcentrum Prinsentuin in Leeuwarden. In de winter van 1950-'51 woont JanMurk in huis bij kunstschilder Jopie Huisman in Workum. Ze kunnen niet goed met elkaar overweg en hij kan er niet lang blijven. Dominee De Jonge van Workum (de vader van Freek) zorgt voor een ander onderkomen. In die tijd voorziet hij in zijn inkomen door het geven van tekenlessen aan scholen in Workum. JanMurk verdient er weinig mee en beklagt zich erover dat hij nu wel het werken met waterverf en waskrijt onder de knie heeft, maar niet in staat is te doen wat hij graag wil: werken met olieverf. In 1951 is hij afwisselend in Amsterdam en op Terschelling. Hij steekt zijn liefde voor Amsterdam niet onder stoelen of banken, maar is ook elke keer weer blij als hij op het Waddeneiland aankomt. De weidsheid daar, de ruimte, waarin hij de nietigheid van de mens 'in de grootsheid van de schepping' ervaart.

JanMurk de Vries tast in de jaren vijftig de mogelijkheden binnen het artistiek bestaan af en bekwaamt zich in veel technieken en stijlen. In z'n eentje reist hij door Europa. Vaak zoekt hij als een soort zwerver naar onderdak en betaalt soms met een tekening. In het buitenland neemt hij het landschap en het werk van zijn idolen in zich op. Hij ontdekt niet alleen de overweldigende woestheid van de bergen in de Pyreneeën, maar ook de schoonheid van steden als Parijs en Venetië. In die laatste stad bezoekt hij in 1956 de Biënnale en ziet daar onder meer het werk van de schilder Villon, de beeldhouwer Chadwick en de Japanse houtgraveur Shiko Munakata. Vooral het werk van Munakata, de serie Boeddhistische monniken, is voor JanMurk een duidelijke inspiratiebron. Ook is hij onder de indruk van het werk van Braque, Picasso en Bernard Buffet. De laatste vooral vanwege zijn tragische mensfiguren. Al zijn schilderijen zijn opgebouwd uit dikke zwarte lijnen. Dit werk sluit aan bij de destijds populaire filosofie van het existentialisme, bekend uit de boeken van Sartre en Simone de Beauvoir, waarin ook



Venetië 1956

JanMurk geïnteresseerd is. Vooral in zijn tekenwerk is zijn zoeken naar een eigen vormtaal duidelijk te zien. 'De tijd dwingt naar het expressionisme. De schoonheid van de lijn en de fantasie van de kleuren.' Stilistisch beweegt het werk van JanMurk zich tussen figuratief expressionisme en lyrisch expressionisme. Echt abstract wordt het nooit.

In die jaren correspondeert De Vries veel. Een groot deel van deze brieven is bewaard gebleven. Ze geven een goed inzicht in het artistieke proces, in zijn vragen over het geloof en in het ontdekken van en het omgaan met zijn homoseksualiteit. Naast de brieven die hij schrijft aan het echtpaar Halbe en Griet Doele en Hettij van Zuiden, correspondeert hij ook met dienstplichtige Menno B. waarmee hij diepgaand filosofeert over geloof en het leger. Met zijn eerste vriend Hessel Drijfhout schrijft hij over hun ontluikende liefde en hoe moeilijk het is om als kunstenaar, die voor de kunst gaat, een relatie aan te gaan. Ontroerende brieven waarvan een integrale uitgave in voorbereiding is. 'Om werkelijk "een brief" te schrijven is ergens een moeilijke opgave,' schrijft JanMurk op 28 mei 1952 aan Halbe en Griet Doele.

De jaren vijftig laten een beeld zien van een zoekende kunstenaar, woonachtig in het voor hem benauwende provinciestadje Leeuwarden. Hij heeft in het begin weinig contact met collega's en krijgt af en toe een opdracht die lang niet altijd tot een financieel positief resultaat leidt. Zijn werken zijn vaak duurder dan zijn gage. Aan Hettij van Zuiden schrijft hij op 4 december 1950: 'Het enige wat belangrijk is in ons leven, is om in harmonie te zijn met het alles omringende en zijnde.' En hij vraagt haar om raad. 'Meer dan viereneenhalf jaar leef ik nu in een spanning mijzelf opgelegd door mijn aanleg, en ik ben nog niet los geweest van zorg.' Tijdens zijn verlovingsperiode met Baukje de Boer, die bijna twee jaar duurt, wordt JanMurk zich steeds meer bewust van zijn homoseksualiteit. Iets waar hij het als jongvolwassene erg moeilijk mee heeft. Hij worstelt ook met zijn christelijk geloof, waarin geen plek is voor zijn geaardheid.

JanMurk stelt zijn werk af en toe tentoon en in de tweede helft van de jaren vijftig krijgt hij meer bekendheid, zowel in Friesland als daarbuiten. Galerie van Hulsen in Leeuwarden is daarbij leidend. In oktober 1961 heeft hij een solo-expositie in het Prinsessehof in Leeuwarden, die lovend wordt ontvangen. JanMurk krijgt meer zelfvertrouwen en durft meer. In een interview uit 1961 in *De Nije* stelt hij: 'Kunst moet je van de daken schreeuwen.'



Tentoonstelling Prinsessehof te Leeuwarden, oktober 1961

## Harlingen

In 1964 vestigt JanMurk de Vries zich in Harlingen en krijgt regelmatig opdrachten. Het is een vruchtbare periode en hij voelt zich bevrijd. Aan de zijgevel van zijn pand aan de Noorderhaven 40 plaatst hij een plastiek en geeft het de titel 'Bevrijding'. Hij mag homoseksueel zijn en ontpopt zich als een geëngageerd kunstenaar. Hoewel JanMurk meer dan een generatie verschilt met de jonge *angry* generatie die zich in de jaren zestig in Harlingen manifesteert, staat hij daar heel open voor en onderhoudt goede contacten met de groep De Bende van de Blauwe Hand, vernoemd naar de gelijknamige galerie in Harlingen. Hij exposeert er regelmatig, totdat hij in 1966 een eigen galerie opent, Kunsthal '66. Zijn partner Wilt Cordes regelt de verkoop en zo heeft JanMurk de vrije hand om zich aan zijn kunstenaarschap te wijden. Hij schildert, tekent, maakt plastieken en is een meester in ontwerpen in acrylaatglas. Kunsthal '66 wil meer zijn dan alleen een expositieruimte. Heel nadrukkelijk stelt JanMurk dat het ook een ontmoetingsruimte is met een Open-Deurkarakter. Echt goed loopt het niet en in 1971 moet JanMurk tot zijn verdriet gebruik maken van de Beeldende Kunstenaars Regeling (BKR).



## Gelooft

In De Vries' werk komt steeds weer zijn ontzag voor de natuur naar voren en het proces van bewegen. De natuur als resultaat van een creatief proces. JanMurk de Vries is diepgelovig en noemt God dan ook de grootste kunstenaar. Uit een ongedateerd interview door Lieuwe de Jong: Als ik hem vraag naar de reden waarom vorm en inhoud steeds naar boven gericht zijn, antwoordt hij: 'Ik tracht als kwetsbaar mens, en wie is dat niet, te leven met een godsbesef dat niet begrensd wordt door het dogmatische, maar daar bovenuit tracht te reiken en dit komt ook in mijn werk tot uiting.' Op 18 december 1963 wordt de van huis uit gereformeerde JanMurk rooms-katholiek en een trouwe bezoeker van de Sint Michaëlkerk in Harlingen.

Kunstenares en vriendin Anne Porte (1902-1984), met wie JanMurk de opleiding tot tekenleraar aan het Intituut voor Kunstnijverheidsonderwijs in Amsterdam volgde, verwoordt het bij de opening van een tentoonstelling in 1976 als volgt: 'Hij wurket graech, is iverich, it optinken, it skeppend fermogen, koartsein: de ynspiraesje. Dat is bij him fêst gjin saek fen neilsjebiten en skarminkelafliche resultaten. Twa ûnderwerpen lizze centrael: De minske en de forbunning minske-universum.' De combinatie mens-aarde-ruimte is een constante in zijn werk. Al in 1950 verwoordde JanMurk het aan Hettij van Zuiden: 'Op de lange eenzame fietstochten heb ik de "ruimte" leren zien die ons vormt, de ruimte die ons leven doet. En dan is het gevoel, neen beter gezegd die zekerheid gekomen van het mythische, de zuivere harmonie, die in ons moet leven. De harmonie dus met ons zelf, in harmonie met de natuur, de natuur waarvan wij een deel zijn.'

Zijn bewogenheid met de Schepping komt ook tot uiting in verschillende werken. In 1956 publiceert hij in het experimentele tijdschrift *Quatrebras* (nrs 2/3) zijn Nagasaki-tekeningen bij het themanummer Nagasaki-Budapest. Over deze tekeningen schreef de redactie: 'Hja binne net bidoeld as yllustraesje fan it leed dat west hat, mar as warskôging tsjin hwat komme sil as de remmen weifalle. In protest tsjin alle forskrikking ...'

Begin jaren tachtig maakt hij tekeningen bij een gedicht van Sybe Krol over de vervuiling van de aarde. Een bijzonder voorbeeld van zijn engagement met dit onderwerp is een sterk expressief werk in waskrijt uit 1969 met de titel 'Vervuiling'. Het is een afbeelding van een dood vogeljong in zijn eierschaal.

## Thema's

Er ontstaan werken met nieuwe thema's zoals Bunkers en de Schepping van de aarde. Bunkers en lege dorpen met huizen zonder vensters zijn, zoals JanMurk het formuleert, afrekeningen met trauma's uit zijn jeugd, de oorlog en zijn jonge kunstenaarschap. Als kind had hij een claustrofobische ervaring, waarover hij vaak en heel beeldend vertelde. Dit gaf hij vorm met gesloten vormen van huizenblokken en kale dode bomen. De schilderijen met de bunkers zijn een verwijzing naar een korte periode op Terschelling waar JanMurk dacht zich te kunnen wijden aan het kunstenaarschap en het geven van tekenlessen tijdens de zomervakantie in een vakantiepark. Dit park bestond uit een aantal bunkers die waren verbouwd tot eenvoudige vakantiehuizen. Zijn werk aldaar blijkt één grote vergissing. De leiding behandelt hem als een soort slaaf en hij krijgt veel te weinig uitbetaald. Hij beklagt zich daarover in zijn brieven aan Hettij van Zuiden en op 15 augustus 1950 schrijft JanMurk in een sombere bui: 'Soms zie ik tegen de toekomst op omdat ik er vaak geen gat in zie. Het leven is zo keihard. Kil als een bunker op regendagen. Je voelt je als een gevangene opgesloten tussen allerlei vormen van opgetrokken muren.'

Een aantal abstracte werken uit de jaren zeventig kan aan elkaar gekoppeld worden omdat ze erg op elkaar lijken. Op de achterkant van een van deze werken heeft JanMurk het woord *trophisme* geschreven. Een intrigerend Frans woord, dat in het Nederlands als *tropisme* wordt vertaald. Het is een fenomeen in de biologie en omschrijft de beweging die vooral bij planten wordt waargenomen en die wordt opgewekt door een uitwendige prikkel.

Het is ook een begrip dat in de Franse filosofische beweging existentialisme een rol speelt. Het existentialisme, onder meer uitgedragen door Jean-Paul Sartre, hield na de Tweede Wereldoorlog de Europese intelligentsia in de greep, en ook in Nederland was er veel belangstelling voor. Centraal in het existentialisme staat dat ieder mens uniek is en verantwoordelijk voor zijn eigen daden. Het zijn, het bestaan, gaat vooraf aan de essentie of het nut van het bestaan.

Bunker met eetzaal  
in vakantiepark  
De Gavere  
op Terschelling  
Foto jaren vijftig







Trophisme 1969

Een van de volgelingen van Sartre is Nathalie Sarraute, die in 1939 het boek *Tropismes* publiceert. Een boek dat na de oorlog verschillende herdrukken beleeft. In korte fragmenten worden ondefinieerbare bewegingen beschreven die zeer snel naar de grenzen van het bewustzijn gaan; ze zijn de oorzaak van onze acties.

In een ongedateerd interview (jaren zeventig) vertelt JanMurk: 'Ik begin niet met een vastomlijnd idee, ik begin en laat het groeien.' Later herhaalt hij dat nog eens in de *Friesland Post* van december 1998: 'Zo werk ik nog steeds: niet wachten op inspiratie, maar gewoon aan het werk gaan.' Deze manier van werken lijkt wel op de wijze waarop het fenomeen tropisme werkt. Hoe JanMurk aan dit begrip *trophisme* kwam, is niet bekend. Hij heeft er nooit iets over gezegd of geschreven. Bij nadere beschouwing is er wel iets meer van te zeggen. Uit zijn vele interviews zijn aanknopingspunten te halen. In een interview in de *Leeuwarder Courant* van 13 januari 1958 zegt hij stellig: 'Ik ben geen existentialist, misschien een beetje – ik ben teveel Christen om existentialist te zijn en ik gedraag me liever niet extreem, maar ik heb behoefte aan levendigheid en vitaliteit ... Ik ben tenslotte een twintigste-eeuwer.'

En over zijn kleiplastieken van chamotte laat hij in het *Harlinger Nieuwsblad* van 16 december 1976 optekenen: 'Je moet ze zien als versteende groeivormen die tussen de planten staan en als zodanig het beste tot hun recht komen.' JanMurk had tenslotte een bijzondere fascinatie voor Frankrijk en dan de Franse kunst en filosofie in het bijzonder, zodat het goed mogelijk is dat hij via het existentialisme op het fenomeen *trophisme* is gestuit.

## Firdgum

In 1985 verhuist JanMurk met zijn partner Wilt Cordes naar Firdgum. Hier ontstaan zijn grootste monumentale werken op doek en in acrylaatglas: ramen voor de Sint Michaëlkerk in Harlingen en het Stiltecentrum op Schiphol. In het priesterkoor van de kerk in Harlingen betreft het zeven ramen van negen meter hoog, elk raam is opgebouwd uit 22 panelen. JanMurk

gebruikt vloeiend acryl op kleur gebracht met pigmentstof. Dat brengt hij op acrylaat aan en daarop plaatst hij weer een acrylplaat zodat de schildering door de drager en afdekplaat beschermd wordt tegen weersinvloeden. In een ongedateerd krantenartikel van Max van den Broek noemt JanMurk het gevat een heidens karwei.

Het middelste raam, boven het altaar, verbeeldt de strijd van de heilige Michaël. Het rechterraam toont Jezus aan het Meer van Tiberias. Links van het middenraam het raam met Elia gevoed door de raven. Deze drie ramen worden geflankeerd door de vier evangelisten.

JanMurk heeft zijn monumentale werken niet systematisch geregistreerd, waardoor er geen compleet overzicht van zijn werk is, dat ook deels verloren is gegaan. Op 92-jarige leeftijd wordt hem nog gevraagd een muurschildering te restaureren, een werk dat hij in 1962 schildert in verpleeghuis Nieuw Lindenoord in Wolvega, nu Uitvaartverzorging Kiers.

Tot op hoge leeftijd blijft De Vries actief als schilder: de weidsheid van het Wad en de krachten in de kosmos zijn terugkerende thema's. Op 9 mei 2015 overlijdt JanMurk de Vries in Harlingen op 95-jarige leeftijd.

Wanneer Huub Mous hoort van het overlijden van JanMurk, publiceert hij in zijn blog van 18 mei 2015 bij wijze van In Memoriam een zeer lezenswaardige tekst. Deze schreef hij voor de opening van de tentoonstelling in Harlingen van het werk van JanMurk de Vries ter gelegenheid van zijn tachtigste verjaardag:

'Een desolaat landschap – golvende banen in rood en blauw tekenen zich af in schrille contrasten. Ze vormen een horizontaal ritme dat zich voortzet in het vlak. Een vlamme zee van lijn en kleur verdwijnt in een onherbergzaam verschiep. Alles beweegt en toch staat alles stil. Er is iets dat nog het meest lijkt op een alomtegenwoordige leegte, aanwezig en afwezig tegelijk als in een hoorbare stilte. Het is niets dat alles omringt of iets dat niets onberoerd laat. Het trilt, golft, pulseert in de rusteloze lijnen van de horizon, maar ook in de hand van de schilder die dit alles in beweging heeft gezet. Meer nog dan de karakteristieke lijnvoering en het soms wrange palet, is het deze geheimvolle, bezield leegte die het werk van JanMurk de Vries zo herkenbaar maakt.' Het is de hand van de schilder JanMurk die alles in een oneindige beweging zet.

te reageren op zijn tijd  
gestalte daaraan gevend  
ondanks onzekerheid  
in hemzelf  
de moed  
de ontmoeting te hebben  
in onrust  
in stilte en vrede  
met de mens  
het dier  
de vogels  
de vissen  
de ruimte  
de geluiden  
in het water en  
daarboven  
dit  
te vangen in licht en  
donkere trillingen  
van kleuren in lijnen en vlekken  
zwart, wit  
de vreugde te doorleven  
de smart te ondergaan  
verbondenheid te ontdekken  
en daarin eenzaam  
te zijn

# ûneinige beweging

Yn elk wurk fan JanMurk de Vries (1919-2015) sit wol beweging: lang útsette linen yn it brede lânskip; de beweging fan it tij; takken, hannen dy't omheech rikke; yn de ferhâlding minske en natuer, yn it sykjen fan de minske yn de kosmos en yn de oandiene minske nei syn omjouwing ta.

It oeuvre fan JanMurk de Vries is bysûnder omfangryk en yn in soad techniken útfierd.

Syn iere wurk lit sjen hoe't er him ûntwikkelet. Dêryn siket De Vries him om samar te sizzen in wei yn syn omjouwing. Dat wurk, dat er makke op syn reizen yn de fyftiger jierren, is fan krúsjaal belang foar syn foarming, sawol yn de ferskillende techniken as yn de ûnderwerpen.

In oantal ûntwerpen foar opdrachten út de fyftiger oant en mei de njoggentiger jierren litte syn alsidichheid yn romtlik wurk sjen. Mear as fyftich jier wurket JanMurk de Vries oan romtlike opdrachten, benammen wandplastiken en ruten yn akrylaat. In soad ier wurk út de fyftiger jierren is ferlern gien, sa as ûnder oaren de muorreskilderingen (1954) foar de roomsk-katolike Sint Thomasskoalle yn Ljouwert. Mar ek letter wurk, bygelyks dat út 1972 yn wenkompleks Nij Nazareth yn Snits, is ferdwûn. Gelokkich is der ek in protte bewarre bleaun, foaral akrylaatruten. Under mear yn de Bonifatiuskapel yn Snits, de Sint Michaëlsjerke yn Harns, de Martini- en Sint Franciscustsjerke yn Boalsert en de eardere serviceflat Lenna yn Wolvegea binne dêr no noch ymposante foarbylden fan te sjen.

## Libben

JanMurk wurdt as Jan de Vries op 11 novimber 1919 berne yn Boalsert. Hy hat in twillingsuster, Alie. Pas folle letter, yn de fyftiger jierren, foeget er de namme fan syn mem (Murkje) oan syn foarnamme ta. Doe't sy stoar, wie hy noch mar seis jier. Syn heit is skoalmaster op in kristlike legere skoalle yn Boalsert en organist by de grifformearde tsjerke dêre. De oantinkens oan de sneinske tsjerkgong bliuwe him syn libben lang by.

JanMurk hat talint foar tekenjen. Yn earste ynstânsje witte syn âlden net sa goed hoe't se omgean moatte mei dy artistike aparteling yn de famylje. Jan syn âldere broer Klaas (1917-1999, rjochtsgelearde en Earste Keamerlid foar de CHU en letter it CDA), is de knappe kop en Jan moat dat faak oanhearre. Pas yn 'e fyftiger jierren wurdt it keunstnerskip fan JanMurk troch syn heit en styfmem erkend. Wol krijt er yn syn jonge jierren thús de mooglikheid om op 'e souder syn eigen 'atelier' te kreëarjen, dêr't er him weromlûke kin. JanMurk hat in swakke sûnens. In operaasje oan syn foet behoedet him yn de Twadde Wrâldoarloch foar de Arbeitseinsatz.

Yn 1946 giet JanMurk nei Utrecht, dêr't er in jier by syn suster ynwennet en syn earste echte tekenlessen krijt. Mei in oanbefelling fan syn privee-tekenlearaar Tjomme de Vries meldt er him by de Ryksakademy fan Byldzjende Keunsten yn Amsterdam. Nei oardel jier hâldt er op mei dy oplieding en stapt er oer nei de Ryksnormaalskoalle. Ek dy makket er net ôf. Yn dy tiid reizget er geregeld nei Skylge om op azem te kommen. Troch dy perioaden dat er dêr tahâldt, ûntstiet in libbenslange leafde foar it Waad. Op Skylge moetet er it echtpear Halbe en Griet Doele en Hettij van Zuiden. Sy begeliede him yn it bytiden muoisume proses om keunstner te wurden. Halbe Doele is direkteur fan de Folkshegeskoalle op Skylge en hy biedt JanMurk de gelegenheid om dêr tekenles te jaan, wat syn belangrykste boarne fan ynkomsten is yn dy jierren. Dy hechte freonskippen komme treffend nei foaren yn de bewarre bleaune brieven fan JanMurk oan it echtpear Doele en oan Hettij van Zuiden.



Skylge 1952



Om 1950 hinne krijt JanMurk troch tuskenkomst fan mefrou Trude Faber-Hornstra, sy spilet in foaroansteande rol yn de Fryske kulturele wrâld, in wenning en atelier by it Keunstsintrum Prinsetún yn Ljouwert. Yn de winter fan 1950-'51 wennet JanMurk yn 'e hûs by keunstskilder Jopie Huisman yn Warkum. Dy beiden akkordearje net mei-inoar en hy kin dêr net lang bliuwe. Dominy De Jonge fan Warkum (de heit fan Freek) soarget foar in oar ûnderkommen. Yn dy tiid foarsjocht er yn syn ynkommen troch tekenlessen te jaan op skoallen yn Warkum. JanMurk fertsjinnet dêr mar in bytsje mei en beklaget him deroer dat er no wol it wurkjen mei wetterferve en fetkryt ûnder de knibbel hat, mar net yn steat is om te dwaan wat er graach wol: wurkje mei oaljeferve. Yn 1951 is er ôfwikseljend yn Amsterdam en op Skylge. Hy stekt syn leafde foar Amsterdam net ûnder stuollen en banken, mar is ek alle kearen wer bliid as er op it waadeilân oankomt. Yn de wide romte fan it lânskip dêr belibbet er de neatichheid fan de minske 'in de grootsheid van de schepping'.

Yn de fyftiger jierren taast JanMurk de Vries de mooglikheden binnen it artistyk bestean ôf en ûntwikkelet er him yn alderlei techniken en stilen. Hy reizget allinnich troch Europa. Faak siket er as in soarte fan swerver in ûnderkommen foar de nacht en betellet soms mei in tekening. Yn it bûtenlân nimt er it lânskip en it wurk fan syn idoalen yn him op. Hy ûntdekt net allinnich de oerweldigjende woestens fan de bergen yn de Pyreneeën, mar ek de skjintme fan stêden lykas Parys en Venetië. Yn dy lêste stêd besiket er yn 1956 de Biënnale en sjocht dêr ûnder mear it wurk fan de skilder Villon, de byldhouwer Chadwick en de Japanske houtgraveur Shiko Munakata. Foaral it wurk fan Munakata, de searje boeddhistyske muontsen, is foar JanMurk in dúdlike boarne fan ynspiraasje. Ek is er ûnder de yndruk fan it wurk fan Braque, Picasso en Bernard Buffet. De lêste foaral fanwegen syn tragyske minskefigueren. Al syn skilderijen binne opboud út dikke swarte linen. Dat wurk slút oan by de doedestiids populêre filosofy fan it eksistinsjalisme, bekend út de boeken fan Sartre en Simone de Beauvoir, dêr't ek JanMurk niget oan hat. Foaral yn syn tekenwurk



is syn sykjen nei in eigen foarmetaal dúdlik te sjen. 'De tijd dwingt naar het expressionisme. De schoonheid van de lijn en de fantasie van de kleuren.' Stilistysk beweecht it wurk fan JanMurk him tusken figuratyf ekspresjonisme en lyrysk ekspresjonisme. Echt abstrakt wurdt it noait.

Yn dy jierren korrespondearret De Vries in protte. In grut part fan dy brieven is bewarre bleaun. Se jouwe in goed ynsjoch yn it artistike proses, in syn fragen oer it leauwe en yn it ûntdekken fan en it omgean mei syn homoseksualiteit. Neist de brieven dy't er skriuwt oan it echtpear Halbe en Griet Doele en oan Hettij van Zuiden, korrespondearret er ek mei de tsjinstplichtige Menno B., mei wa't er djipgeand filosofearret oer it leauwe en it leger. Mei syn earste freon Hessel Drijfhout skriuwt er oer harren opbloeiende leafde en hoe dreech oft it is om as keunstner, dy't foar de keunst giet, in relaasje oan te gean. Untroerende brieven, wêrfan't in yntegrale útjefte taret wurdt. 'Om werkelijk "een brief" te schrijven is ergens een moeilijke opgave,' skriuwt JanMurk op 28 maaie 1952 oan Halbe en Griet Doele.

De fyftiger jierren litte in byld sjen fan in sykjende keunstner, wenjend yn it foar him benaude provinsjestedsjer Ljouwert. Hy hat yn it earstoan net folle kontakt mei kollega's en krijt út en troch opdrachten, dy't lang net altyd ta in finansjeel posityf resultaat liede. Syn wurken kostje faak mear as wat se him opleverje oan gaazje.

Oan Hettij van Zuiden skriuwt er op 4 desimber 1950: 'Het enige wat belangrijk is in ons leven, is om in harmonie te zijn met het alles omringende en zijnde.' En hy freget har om ried. 'Meer dan viereneenhalf jaar leef ik nu in een spanning mijzelf opgelegd door mijn aanleg, en ik ben nog niet los geweest van zorg.' Yn de tiid fan syn ferloving mei Baukje de Boer, dy't hast twa jier duorret, wurdt JanMurk him hieltyd mear bewust fan syn homoseksualiteit. In feit dêr't er it as jongfolwoeksene hiel swier mei hat. Hy wrakselet ek mei syn kristlike leauwe, wêryn't gjin plak is foar syn aard.



Ut en troch eksposearret JanMurk syn wurk en yn de twadde helte fan de fyftiger jierren krijt er mear bekendheid, sawol yn Fryslân as dêrbûten. Galerie van Hulslen yn Ljouwert is dêrby liidend. Yn oktober 1961 hat er in solo-eksposysje yn it Princessehof yn Ljouwert, dy't loovjend ûntfongen wurdt. JanMurk krijt mear selsfertrouwen en doart mear. Yn in ynterview út 1961 yn *De Nije* stelt er: 'Kunst moet je van de daken schreeuwen.'

## Harns

Yn 1964 fêstiget JanMurk de Vries him yn Harns, dêr't er geregeld opdrachten krijt. It is in fruchtbere perioade en hy fielt him befrijd. Oan de sydgevel fan syn pân oan de Noarderhaven 40 pleatst er in plastyk en jout dat de titel 'Bevrijding'. Hy méi homoseksueel wêze en ûntpopt him as in engazjearre keunstner. Hoewol't JanMurk mear as in generaasje ferskilt mei de jonge *angry* generaasje dy't him yn de sechstiger jierren yn Harns manifestearret, stiet er dêr wakker foar iepen en hy ûnderhâldt goede kontakten mei de groep De Bende van de Blauwe Hand, neamd nei de galery mei deselde namme yn Harns. Hy eksposearret dêr faak, oant er yn 1966 in eigen galery iepenet, Kunsthal '66. Syn partner Wilt Cordes regelet de ferkeap en sa hat JanMurk de frije hân om him te wijen oan syn keunstnerskip. Hy skilderet, tekenet, makket plastiken en is in master yn ûntwerpen yn akrylaatglês. Kunsthal '66 wol mear wêze as allinnich mar in eksposysjeromte. Hiel útdruklik stelt JanMurk dat it ek in moetiingsromte is mei in lepen-Doarkarakter. Echt goed rint it lykwols net en yn 1971 moat JanMurk ta syn grutte spyt gebrûk meitsje fan de Byldzjende Keunstners Regeling (BKR).



JanMurk hellt syn tekeningen wei út de Martinikerk te Frjentsjer, nei in klacht oer ôfbyldingen fan neakene minsken, juny 1992

Yn De Vries syn wurk komt hieltyd wer syn ûntsach foar de natuer nei foaren en it proses fan bewegen. De natuer as resultaat fan in kreatyf proses. JanMurk de Vries is djipleauwich en neamt God dan ek de grutste keunstner. Ut in net-datearre ynterview troch Lieuwe de Jong: Als ik hem vraag naar de reden waarom vorm en inhoud steeds naar boven gericht zijn, antwoordt hij: 'Ik tracht als kwetsbaar mens, en wie is dat niet, te leven met een godsbesef dat niet begrensd wordt door het dogmatische, maar daar bovendien tracht te reiken en dit komt ook in mijn werk tot uiting.' Op 18 desimber 1963 wurdt de fan hûs út grifformearde JanMurk roomsk-katolyk en in trouwe besiker fan de Sint Michaëlsjerke yn Harns.

Keunstneres en freondinne Anne Porte (1902-1984), mei wa't JanMurk de oplieding ta tekenlearaar oan it Instituut voor Kunstnijverheidsonderwijs yn Amsterdam folge, formulearre it by de iepening fan in tentoanstelling yn 1976 sa: 'Hij wurket graech, is iverich, it optinken, it skeppend fermogen, koartsein: de ynspiraasje. Dat is bij him fêst gjin saek fen neilsjebiten en skarminkelaftiche resultaten. Twa ûnderwerpen lizze centrael: De minske en de forbunning minske-universum.' De kombinaasje minske-ierde-romte is in konstante yn syn wurk. Al yn 1950 ferwurde JanMurk dat oan Hettij van Zuiden: 'Op de lange eenzame fietstochten heb ik de "ruimte" leren zien die ons vormt, de ruimte die ons leven doet. En dan is het gevoel, neen beter gezegd die zekerheid gekomen van het mythische, de zuivere harmonie, die in ons moet leven. De harmonie dus met ons zelf, in harmonie met de natuur, de natuur waarvan wij een deel zijn.'

Syn begien wêzen mei de Skepping komt ek ta utering yn ûnderskate wurken. Yn 1956 publisearret er yn it eksperimintele tydskrift *Quatrebras* (nrs 2/3) syn Nagasaki-tekeningen by it temanûmer Nagasaki-Budapest. Oer dy tekeningen skreau de redaksje: 'Hja binne net bidoeld as yllustraasje fan it leed dat west hat, mar as warskôging tsjin hwat komme sil as de remmen weifalle. In protest tsjin alle forskrikking ...'



Begjin tachtiger jierren makket er tekeningen by in gedicht fan Sybe Krol oer de fersmoarging fan de ierde. In bysûnder foarbyld fan syn engaazjemint mei dat ûnderwerp is in sterk ekspresyf wurk yn fetkryt út 1969 mei de titel 'Vervuiling'. It is in ôfbylding fan in dea fûgeljong yn syn aaidop.

## Tema's


22 Der ûntsteane wurken mei nije tema's, lykas bygelyks Bunkers en de Skepping fan de ierde. Bunkers en lege doarpen mei huzen sûnder finsters binne, sa't JanMurk it ûnder wurden bringt, ôftekkeningen mei trauma's út syn jeugd, de oarloch en syn jonge keunstnerskip. As bern hie hy in klaustrofobyske ûnderfining, dêr't er faak en hiel byldzjend oer ferhelle. Dat joech er foarm mei sletten foarmen fan huzeblokken en keale deade beammen.

De skilderijen mei de bunkers binne in ferwizing nei in koarte perioade op Skylge, doe't JanMurk tocht him yn de simmerfakânsje yn in fakânsjepark wije te kinnen oan it keunstnerskip en it jaan fan tekenlessen. Dat park bestie út in oantal bunkers dy't ferboud wienen ta ienfâldige simmerhúskes. Syn wurk dêr blykt ien grut fersin te wêzen. De lieding behannelet him as in soarte slaaf en hy krijt fierste min útbetelle. Hy beklaget him dêroer yn syn brieven oan Hettij van Zuiden en op 15 augustus 1950 skriuwt JanMurk yn in swiersettige bui: 'Soms zie ik tegen de toekomst op omdat ik er vaak geen gat in zie. Het leven is zo keihard. Kil als een bunker op regendagen. Je voelt je als een gevangene opgesloten tussen allerlei vormen van opgetrokken muren.'

In oantal abstrakte wurken út de santiger jierren kin oaninoar keppele wurde om't se wakker op inoar lykje. Op de achterkant fan ien fan dy wurken hat JanMurk it wurd *trophisme* skreaun.

In yntrigearjend Frânsk wurd, dat yn it Nederlânsk as *tropisme* fertaald wurdt. It is in fenomeen yn de biology en omskriuwt de beweging dy't foaral by planten fernommen wurdt en dy't opwekke wurdt troch in útwindige stimulâns.

It is ek in begryp dat yn de Frânske filosofyske beweging eksistinsjalisme in rol spilet. It eksistinsjalisme, ûnder mear útdroegen troch Jean-Paul Sartre, hold nei de Twadde Wrâldoarloch de Europeeske yntelligintsia yn 'e besnijing, en ek yn Nederlân wie der in soad belangstelling foar. Sintraal yn it eksistinsjalisme stiet dat elk minske unyk is en ferantwurdlik foar syn eigen dieden. It wêzen, it bestean, giet foarôf oan de essinsje of it nut fan it bestean.



len fan de folgelingen fan Sartre is Nathalie Sarraute, dy't yn 1939 it boek *Tropismes* publisearret. In boek dat nei de oarloch ferskate werprintingen belibbet. Yn koarte fragminten wurde ûndefinierbere bewegingen beskreaun dy't hiel fluch nei de grinzen fan it bewustwêzen geane; sy binne de oarsaak fan ús aksjes.

Yn in net-datearre ynterview (santiger jierren) fertelt JanMurk: 'Ik begin niet met een vastomlijnd idee, ik begin en laat het groeien.' Letter werhellet er dat nochris yn de *Friesland Post* fan desimber 1998: 'Zo werk ik nog steeds: niet wachten op inspiratie, maar gewoon aan het werk gaan.' Dy manier fan wurkjen liket wol op de wize wêrop't it fenomeen *tropisme* wurket. Hoe't JanMurk oan dat begryp *trophisme* kaam, is net bekend. Hy hat der noait wat oer sein of skreaun. By neiere beskôging is dêr wol wat mear fan te sizzen. Ut syn withoefolle ynterviews binne oanknopingspunten te heljen. Yn in ynterview yn 'e *Leeuwarder Courant* fan 13 jannewaris 1958 seit er resolút: 'Ik ben geen existentialist, misschien een beetje – ik ben teveel Christen om existentialist te zijn en ik gedraag me liever niet extreem, maar ik heb behoefte aan levendigheid en vitaliteit ... Ik ben tenslotte een twintigste-eeuwer.'

En oer syn klaaiplastiken fan chamotte lit er yn it *Harlinger Nieuwsblad* fan 16 desimber 1976 optekenje: 'Je moet ze zien als versteende groeivormen die tussen de planten staan en als zodanig het beste tot hun recht komen.' JanMurk hie ta beslút in bûtengewoane fassinaasje foar Frankryk en dan de Frânske keunst en filosofy yn 't bysûnder, sadat it bêst mooglik is dat hy fia it eksistinsjalisme it fenomeen *trophisme* tsjinkaam is.

Yn 1985 ferhuzet JanMurk mei syn partner Wilt Cordes nei Furdgum. Dêr ûntsteane syn grutste monumintale wurken op doek en yn akrylaatglês: ruten foar de Sint Michaëlsjerke yn Harns en it Stiltesintrum op Skiphol. Yn it prysterkoar fan de tsjerke yn Harns giet it om sân ruten fan njoggen meter heech; elk rût is opboud út 22 panielen. JanMurk brûkt floeiend akryl, op kleur brocht mei pigmintstof. Dat bringt er op akrylaat oan en dêrop pleatst er wer in akrylplaat, sadat de skildering troch de drager en ôfdekplaat beskerme wurdt tsjin waarsynfloeden. Yn in net-datearre krante-artikel fan Max van den Broek neamt JanMurk dat mei in kwinkslach in 'heidensk karwei'.

It middelste rût, boppe it alter, ferbyldet de striid fan de hillige Michaël. It rjochterrût lit Jezus sjen oan de Mar fan Tiberias. Links fan it middenrût sit it rût mei dêrop Elia dy't iten krijt fan de ravens. Dy trije ruten wurde flankearre troch de fjouwer evangelisten.

JanMurk hat syn monumintale wurken net systematysk registrearre, wêrtroch't der gjin kompleet oersicht fan syn wurk is, dat boppedat foar in part ferlern gien is. Op 92-jierrige leeftiid wurdt him noch frege om in muorreskildering te restaurearjen, in wurk dat er yn 1962 skildere yn ferpleechhûs Nieuw Lindenoord yn Wolvegea, no Uitvaartverzorging Kiers.



JanMurk de Vries by it byld op de Algemene Begraafplaats yn Snits, febrewaris 2012

Oant op hege âldens bliuwt De Vries aktyf as skilder: de wide romte fan it Waad en de krêften yn de kosmos binne weromkearende tema's. Op 9 maaie 2015 ferstjert JanMurk de Vries yn Harns op 95-jierrige leeftiid.

Wannear't Huub Mous heart fan JanMurk syn ferstjerren, publisearret er yn syn bloch fan 18 maaie 2015 by wize fan In Memoriam in tekst dy't tige de muoite wurdich is om te lêzen. Hy skreau dy tekst foar de iepening fan de tentoanstelling yn Harns fan it wurk fan JanMurk de Vries ta gelegenheid fan syn tachtichste jierdei:



'Een desolaat landschap – golvende banen in rood en blauw tekenen zich af in schrille contrasten. Ze vormen een horizontaal ritme dat zich voortzet in het vlak. Een vlamme zee van lijn en kleur verdwijnt in een onherbergzaam verschiet. Alles beweegt en toch staat alles stil. Er is iets dat nog het meest lijkt op een alomtegenwoordige leegte, aanwezig en afwezig tegelijk als in een hoorbare stilte. Het is niets dat alles omringt of iets dat niets onberoerd laat. Het trilt, golft, pulseert in de rusteloze lijnen van de horizon, maar ook in de hand van de schilder die dit alles in beweging heeft gezet. Meer nog dan de karakteristieke lijnvoering en het soms wrange palet, is het deze geheimvolle, bezielde leegte die het werk van JanMurk de Vries zo herkenbaar maakt.' It is de hân fan de skilder JanMurk dy't alles yn in ûneinige beweging set.





Oneindige beweging – Boschplaat 1987/2008  
Olieverf op doek, 100 x 200